

# Byldrike ympresjes mei foarmferlet

Syds Wiersma (1963, Grou) debutearre as dichter yn 1987 yn *Hjir*, syn earste bondel *Alles wat ik net betinke* woe ferskynde yn 1992. En doe bleau it stil. Oant hast 25 jier letter in twadde samling fan syn hân ferskynt: *Raffelwjok*.

Abe de Vries

Aldere gedichten binne der yn opnaam, mar foaral fersen fan de lêste twa jier, hat Wiersma yn in fraachpetear sein. In nije leafde en in fakânsje yn Denemarken hawwe de dichter wer iepen krigen. Al mei al is de rispinge diskear fiif skiften fol mei sensitive, byldrike en ympresjonistyske fersen, dy't har gauris bewege op de rekflakken fan de tema's natoer, leafde, leauwe en it skriuwen.

Wiersma dichtet meast koartrigelig en yn frije foarmen. Gauris giet er dêrby wol hiel koart troch de bocht. Op side 9: 'In wurd keart my op / glês falt út myn hannen, brekt / krijt sin, moat skriuwe. / Ik kras mei wurden / kieren nei hjir no leare / wêr't ik swije moat.' Yn de earste strofe is it it brutsen glês dat sin yn skriuwen hat en skriuwe moat, yn de twadde is der in 'ik' dy't skriuwt. Of dy wiksel mei opset sin is, freegje ik my ôf.

Bytiden wurdt in ferliking ek wol hiel fier trochdreaun, bygelyks yn *Magdalena*. De ik-persoan sit yn in seemanskroechje, is op syk nei in seemearmin, mar syn each falt op in hoer: 'do, mei dyn gurdle / fan ûnder-seeske klippen om'. Dy byldspraak giet dan sa fierder: 'In seeman ropt lân yn sicht', hy krijt har 'lagunes yn 'e eagen'. En noch fierder: hy slûpt him stikken op har klippen, lavezaret noch werom, komt dwers op 'e weagen te lizzen en spielt oan op 'it strân fan de sirenen' dat spitigermôch fol mei pispotten stiet.

Dat wol net sizze dat der gjin opfallende poëtyske mominten oan te wizen binne, in ferrassend byld, in

toan. Bygelyks yn it fers *Strie* nei oanlieding fan in útspraak fan Thomas van Aquino: nei in reinbui wurde de slakken op 'e dyk oan smots riden' (...) sa't ek wurden yn my earmoedzje'. Of yn it moaie fers *Palmslein*, dêr't Jezus wat oars Jeruzalim ynkomt as ferwachte: 'It wie skrikken / doe't hy de berch ôfkaam / it ljocht fan de wrâld / siet op in fole te skriemen / lytser en folle smeller / as dat wy hopen.'

It oan krêft winne kinnen as der mear omtinken west hie foar foarm en technyk

Dochs hie *Raffelwjok* oan krêft winne kinnen as der mear omtinken west hie foar foarm en technyk. Yn it fers *Liet op 'e pôle*, dat him ek troch syn bredere rigels lêze lit as in ferwizing nei Tsjebbe Hettinga syn poezij, fermuveret men jin oer de enjambeminten: 'It skriuwt himsels út syn oerweide / ekers wei, in liet op in jûn achter it rûd dat / grutsk ús tûn ôffredet, mei seage en seine krekt / út ien (...)'. 'Sokke ôfbrekkingen lykje frij doelleas, hinderje de muzyk en heakje yn hâldlik neat ta. It binne samar wat foarbylden. In tredde bondel sil út wize moatte oft Syds Wiersma's ûnmiskbare dichttalint him fierder ferdjippe kin.



Poezy

Raffelwjok

Syds Wiersma

Hispele

€ 12